

De bliuwende wearde fan klassiker-rigen

Wat is de wearde fan Fryske klassiker-rigen? It is mear as in marketingynstrumint foar útjouwers en krekt it petear dêroer jout ynsjoch yn de wearde, stelt Tryntsje van der Steege.

Eftergrûn

Tryntsje van der Steege

Boeken yn in rige útjûn foarmje mei-inoar in eigen ferhaal. In rige wol sizze: in searje fan boeken fan ferskillende auteurs, dy't troch in útjouwer by-inoar brocht wurde en as rige mei in mienskiplik skaaimerke presintearre wurde. Dy rige kriget in namme, bestiet út in beheind tal titels of wurdt trochrintend oanfolle, en hat meast in unifoarm en dêrmei opfallend uterlik. In rige is foar in útjouwer in moai marketingynstrumint, en foar it lêzerspublyk in prachtich statussymboal.

It bêste wurkje de rigen mei saneamde klassikers; de grutte nammen dêr't elkenien wol fan heard hat, de literêre masterwurken dy't elkenien lêzen ha moat of op syn minst yn de kast stean hat. Ek yn it Fryske literêre fjild binne ferskate klassiker-rigen produsearre; de Titeloas-rige, twa searjes Fryske Klassiken en de rige Nije Biblioteek.

Yn 1978 sette útjouwerij De Tille útsein mei de Titeloas-rige, 'in rige Fryske boeken fan bliuwende wearde, dy't ta de Fryske klassiken rekkene wurde kinne'. De earste trije dielen wiene *It jubeljier* fan Simke Kloosterman, *Elbrich* fan Ype Poortinga, en *Groun en minsken* fan Reinder Brolsma. Oant 1985 binne der yn totaal njoggen Titeloazen útkaam. De rige begûn yn in tiid dy't geunstich wie foar werprintingen fan klassikers; it Frysk Utjefte Fûns soarge foar de finansjele stipe en troch nije offsettechniken waard it makliker om facsimile-útjeften te meitsjen fan âlder wurk. Ek de kleurige omslaggen waarden mooglik makke troch nije techniken. Nei in tiid fan paperbacks en pockets krigen de boeken yn de Titeloas-rige wer in moai hurd kaft, mei yllustraasjes fan Martine Bakker en Meinte Walta.

In unifoarm en fersoarge uterlik is wichtich foar in rige - dat leit faaks foar de hân mar sa'n uterlik is oantreklik en werkenber foar de konsumint, en hat ynfloed op de krityske persepsje en de symboalyske wearde fan de rige as gehiel en alle boeken deryn. Boppedat krigen de Titeloazen nochris ekstra status mei de plechtige oantsjutting 'fan bliuwende wearde'.

Bliuwende wearde

Wat ferstien wurdt ûnder dizze 'bliuwende wearde' is moai te sjen oan de resepsje fan *De sînne fan Haitze Holwerda*. Dit boek út 1938 oer de Fryske boer Haitze Holwerda en syn konflikt mei trije Biltse seizoenarbeiders, belibbe syn njoggende printinge as Titeloas yn 1983. De tsiende printinge kaam krekt foar de Fryske Klassiken út yn 1991, en de âlfde printinge waard yn 2010 publisearre yn de rige Nije Biblioteek en krige ekstra omtinken mei de aksje Fryslân Lêst Syn Toppers datselde jier.

Yn 1957 neamt Jan Tjittes Piebenga it al ien fan de bêste boeken dy't ea yn it Frysk skreaun binne. In pear jier letter doe't it boek as Kikkert werprinte waard yn 1969, en ek by it ferstjerren fan Ulbe van Houten yn 1974 waard it boek al klassyk

neamd. By eltse werprintinge wurdt *De sînne* op 'e nij priizge fanwegen de psychologyske portretten, de goede sfeartekening, de krêft fan it taalgebruik en de licht iroanyske toan. It konflikt tusken minsken dat beskreaun wurdt en de ynderlike striid dy't dêrby heart is wat fan alle tiden. Dy universele problematyk en tagelyk de autentisiteit fan it boerelibben om 1900 hinne, sprekke de lêzers fan no ek noch oan. It ferhaal is goed lêber en ek it hjoeddeiske publyk kin him identifisearje mei in sympaty opbringe foar de haadpersoan.

Diskusje

De sînne wurdt dus mei rjocht in klassiker neamd - wat net fan alle boeken sein wurden is dy't yn de earste rige Fryske Klassiken ferskynden. Dy rige bestiet út fjirtjin titels dy't yn de jierren 1992 oant 1995 útbrocht waarden, de twadde rige Fryske Klassiken befette tolve titels en rûn fan 1998 oant 2003. Dit projekt wie in gearwurking fan trije útjouwers en stichting It Fryske Boek, mei meiwurking fan de Fryske Akademy en it FLMD, en finansjele stipe fan it Nederlands Literair Produktie- en Vertalingenfonds. It doel wie it behâld fan Frysk literêr erfgoed troch de werútjefte fan âldere boeken dy't net mear te krijen wiene en dêr't noch wol fraach nei wie. De útwurking fan it projekt sleat lykwols net oan by de ferwachtings dy't it oprûp.

Nei oanlieding fan de earste rige

Fryske Klassiken ûntstie in diskusje yn de literêre krityk. De tendins: net alle boeken waarden sjoen as klassikers en guon oare boeken dy't wol as klassiker beskôge waarden ûntbrieken. It doel en de namme fan de rige dekten de lading net. Ek it uterlik fan de boeken paste net by de útstrieling en de weardeichheid dy't fan de rige ferwachte waard; de omslaggen waarden sjoen as populêr en lytsbernich. Men hie faaks hope op in literêre kanon, mar fûn dizze klassiken net represintatyf foar de Fryske literatuer.

By it ferskinen fan de twadde rige wie de diskusje aardich útraasd; de namme Fryske Klassiken bleau, de omslaggen seagen der stylfolle út en de boeken yn de twadde searje wiene oars fan statuer. Der sieten bygelyks mear Gysbert Japicxpriiswinnende auteurs yn de twadde rige Fryske Klassiken yn fergeliking mei de earste rige of de Titeloas-rige. De literêre krityk wie geressteld.

Alde meuk

As it om it ûntstean of it foarmjen fan in literêre kanon giet, is it digitalisearringsprojekt fan Tresoar yn gearwurking mei de Digitale Bibliotheek voor de Nederlandse Letteren (DBNL) in hiel nijsgjirrige útjouwing. Yn 2010 waarden nei in yngeande seleksjeprosedure 85 belangrike Fryske boeken digitaal tagonklik makke op de nije literatuerwebsite sirkwy.nl - sawol romans as literêre skiednisboeken. Dêrneist waarden fyftich fan dy titels op 'e nij útjûn as de rige Nije Biblioteek, ûnderbrocht by útjouwerij Elikser. Om de nije site en rige te promoatsjen ûntwikkele Tresoar mei It Fryske Boek en Bibliotheekservice Fryslân de lêseboarderingsaksje Fryslân Lêst Syn Toppers, mei ûnder oaren *De sînne* fan Haitze Holwerda yn de haadrol.

De wurktitel fan de aksje wie lykwols Fryslân Lêst Syn Klassikers.

Dy namme is feroare omdat de aksje leechdromplich wêze moast, en de diskusje gean moast oer de boeken sels en net oer de definysje fan klassiker - sa't dat tsien jier earder gong. In signifikante redenaasje yn dizze kontekst, omdat de oantsjutting klassiker sjoen waard as wat dat in breed publyk ôfskrikt, en dat moderne lêzers de boeken dan miskien opfetsje sille as âlde meuk dêr't se tsjintwurdich neat mei kinne.

Ek by de Nije Biblioteek komt it wurd klassiker net foar yn de rige-namme of op it omslach fan de boeken. Oars as de oare rigen ha dy boeken net in hurd kaft, mar binne it paperbacks mei in strak foarmjûn uterlik en felle kleuren. Sa'n omslach docht jin net fuort tinken oan in klassiker, of it soe it tiidleaze karakter fan it ûntwerp wêze moatte. De hiele rige kaam yn ien kear beskikber - dat wol sizze: alle boeken koene fuortdaliks besteld wurde as *printing on demand*. Yntusken binne se ek alle fyftich as e-book te krijen.

Online teksten

Krekt sa't ein jierren santich de Titeloas-rige mooglik makke waard troch nije printtechniken, sa binne

it ek hjoed-de-dei de technologyske útjouwings dy't hieltyd mear literêr erfgoed en klassike boeken tagonklik meitsje troch teksten online te setten yn digitale databases, en se as pod-útjefte en e-book beskikber te stellen.

De histoaryske omstannichheden bepale yn hokker foarm klassikers útjûn wurde, mar ek hoe't neitocht wurdt oer wat klassikers binne, oer hokker boeken it wurdich binne om te bewarjen. Want wearde is wêr't it om draait yn sawol it klassikerdebat as it kanondebat; de spanning tusken ekonomyske wearde en symboalyske wearde, fan de boeken sels en de ynstitsjes deromhinne. De Titeloas-rige wie in prachtich inisjatyf, mar troch ien útjouwer betocht en út 'e wei set, en hie dêrtroch minder ympakt.

De rigen Fryske Klassiken, opset en útwurke troch ferskillende grutte partijen yn de Fryske literatuer, krige troch dy ynstitsjonele kontekst in hiel oar oansjen. It projekt moast dêrtroch ek by it publyk en de krityk breder droegen wurde en ústykje boppe ekonomyske belangen. It digitalisearjen falt ek yn dy bredere kontekst en ferbynt klassikers mei it proses fan kanonfoarming, dat giet om de fraach: wat binne de essinsjele boeken dêr't elkenien tagong ta ha moat? In ienriedich antwurd dêrop is net mooglik, it is krekt it petear dêroer dat ynsjoch jout yn de wearde fan klassikers.

● Dit is in ynkoarte ferzje fan de lêzing dy't oersetter en redakteur Tryntsje van der Steege hâlde foar it Sirkwy Symposium ôfrûne sneon yn Feanwâlden. It tema wie *Alde Meuk? - Klassikers yn de (Fryske) literatuer*. De trije essays dy't op dit symposium presintearre waarden sille letter dit jier as bondel ferskine by útjouwerij HotSum



Fryske klassikers. In rige is foar in útjouwer in moai marketingynstrumint, en foar it lêzerspublyk in prachtich statussymboal.

Foto: Tryntsje van der Steege